



# DE FAVORYT

(God's favorite)

In komeedzje

fan

**NEIL SIMON**

**Fryske oersetting**

**Gurge Dijkstra**

**TOONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE FAVORYT - GOD'S FAVORITE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 1975 by Neil Simon**

**Copyright Frisian translation: 2002 by Neil Simon**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**  
**Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.**  
**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Joe Benjamin - man, achter yn de fyftich

Ben Benjamin - man, fjouwerentweintich jier

Sarah Benjamin - frou, fjouwerentweintich jier

Rose Benjamin - frou, foar yn de fyftich

David Benjamin - man, achter yn de tweintich

Mady - frou, tusken de tritich en de fyftich

Morris - man, tusken de tritich en de fyftich

Sidney - man, middelbere jierren

## **EARSTE BEDRIUW:**

Sêne ien: Om middernacht hinne

Sêne twa: Twa wike letter

## **TWADDE BEDRIUW:**

De rampspoed dy 't er op folget

## **DEKOR:**

It hast keninklik ûnderkommen fan de bysûnder begoedige sakeman Joe Benjamin oan in noardlike baai fan Long Island. De wenkeamer is smaakfol en modern ynrjochte. Alhiel fan hjoed de dei en doch azemt it gehiel ek wer wat út fan tiidleazens. De plafonds mei houten balken lykje oan de himel ta te rikken. In enoarme iepenslaande doar liedt nei in terras mei útsicht op 'e baai. In swiere ikenhouten doar oan ien kant fan de keamer jout tagong ta de foyer. In iken doar oan de oare kant fan de keamer liedt nei de ytkeamer. De muorren hingje fol mei weardefolle skilderijen dy 't op in dei mei elkoar in kolleksje foarmje sille. Yn lear bûne dielen fan de grutte wurken út de literatuer befolkje de boekeplanken.

## EARSTE BEDRIUW

### Sêne ien

Foar 't it doek iepengiet, hearre wy in klok út pake syn tiid it oere slaan. Ien... Twa... Trije... Fjouwer... It doek giet op. Yn de keamer is it tsjuster. Troch de iepenslaande doar sjogge wy it moanneljocht wjerkeatsen yn de snie; it smyt in spoekachtich ljocht yn de keamer. De klok slacht troch: Fiif... Seis... Sân... Acht... Njoggen... Tsien... Alve... Tolve. Stilte. Ynienen sjogge wy in figuer bûten op it terras. It ljocht is te swak om syn trekken goed waar te nimmen. Hy sjocht om him hinne, blaast yn 'e hannen, besiket de doar iepen te krijen. Dy is op slot. Hy blaast wer yn 'e hannen, sjocht noch es om him hinne, en besiket de doar wer, dizze kear mei mear kracht. De doar giet in pear sintimeters iepen... Op dat stuit begjint in trochkringend ynbrekalarm te loeien. De figuer lit fan skrik de doar los. Yn panyk begjint hy yn trije ferskillende rjochtings fuort te draven, elke kear fan gedachten feroarjend. Uteinlik, wanhopich, springt hy oer it muorke en ferdwynt út it sicht. Der ferskynt in eksplazioazje fan dúdlik sichtbere snie. Hy moat wol yn in berch snie telâne kommen wêze. It alarm bliuwt loeien. De iken doar swaait iepen. In man komt op. Hy docht it ljocht aan. Hy is klaaid yn in siden piama mei bypassende moarnsjas en fluwielen toffels mei syn monogram. Hy rikt achter in boekteplanke en drukt dêr op in knopke. It alarm falt stil. De man is Joe Benjamin. Hy is achter yn 'e fyftich en dúdlik in bysûnder sterke persoanlikheid. Hy sjocht de keamer yn 't rûn, sjocht even flechtich achter de gerdinen. Dan rent er nei de iepenslaande doar en merkt dat dizze iepen stiet. Ben Benjamin en Sarah Benjamin komme opdraven troch de iken doar. Se binne ek yn nachtklean. Ben en Sarah bin twillingen, fjouwerentweintich jier âld en bern fan Joe. Beide ha se read hier yn deselde tint en in IQ fan 160... ferfield oer har beiden.

**BEN:** Wat is er, heit? Wat is er gebeurd?

**JOE:** Ik wit 't net.

**SARAH:** Wat is er gebeurd, heit? Wat is er?

**JOE:** Ik sei dat ik 't net wit.

**SARAH:** We hearden 't alarm ôfgean.

**BEN:** Heardesto 't alarm ôfgean, heit?

**JOE:** Seker hearde ik 't ôfgean. Dêrom stean 'k no hjir, ûnder. (*tsjin Sarah*) Doch dyn badjas ticht. (*it slagget Sarah noait om in goede knoop te lizzen yn 'e sluppen fan har badjas. Se docht 'm ticht*)

**SARAH:** Myn God, ‘t wie echt ‘t alarm.

**BEN:** (*wiist*) De iepenslaande doar stiet iepen. Sjoch!

**SARAH:** Hy stiet iepen, heit. De iepenslaande doar. Sjoch!

**JOE:** Ik sjoch ek wol dat er iepen stiet. Hâldt es op elkoar hieltyd nei te praten. (*de telefoan giet*)

**BEN:** Telefoan, heit.

**SARAH:** Heit, telefoan. (*de telefoan giet wer*)

**JOE:** Ja, ik hear it. Doch dyn badjas ticht. Ben, nim de telefoan es oan.

**SARAH:** Nim de telefoan oan, Ben.

**JOE:** Ik sil bûten sjen.

**SARAH:** Stel no dat dêr ien is?

**JOE:** Dêrom sil ‘k sjen. Dat is no krekt de reden. Doch dyn badjas ticht. (*de telefoan giet wer*) Nim no es op. (*Joe giet er út, it terras op, en Ben nimt de hoarn op*)

**BEN:** (*yn de hoarn*) Hallo?... Ja?

**SARAH:** Wa is ‘t?

**BEN:** ‘t Befeiligingsbedriuw.

**SARAH:** Heit, ‘t befeiligingsbedriuw.

**BEN:** (*yn de hoarn*) Ja, we ha ‘t heard.

**SARAH:** Ben seit dat we ‘t heard ha.

**JOE:** (*skreaut fanôf it terras*) Doch dyn badjas ticht!

**BEN:** (*yn de hoarn*) De iepenslaande doar stie iepen. Us heit is krekt op ûndersyk útgongen.

**SARAH:** Wat tinke sy er fan?

**BEN:** (*yn de hoarn*) Wat tinke jim er fan?

**JOE:** (*komt werom yn ‘e keamer*) Ik tink dat er ien besocht hat yn te brekken.

**BEN:** (*yn de hoarn*) Us heit tinkt dat er ien besocht hat yn te brekken.

**JOE:** Ik seach fuotprinten yn ‘e snie.

**BEN:** (*yn de hoarn*) Hy seach fuotprinten yn ‘e snie.

**SARAH:** Myn God, fuotprinten yn ‘e snie.

**JOE:** Doch dyn badjas ticht, wolst soms kjeld skypje? Gean op bêd. Do stiest hielendal te riljen.

**SARAH:** Ik bin net kåld. Ik bin bang. Myn God, der hat ien besocht yn te brekken.

**JOE:** Hâldt es op God syn namme idel te brûken.

**SARAH:** ‘t Is net idel. Ik bin echt bang.

**BEN:** (*yn de hoarn*) In momint asjebleaft. (*tsjin Joe*) Se wolle witte at se ien stjoere moatte.

**JOE:** Der hat net ien yn ‘e hûs west.

**BEN:** Hoe witst dat sa seker?

**JOE:** Der leit snie bûten. Dan soene er wol fuotprinten op ‘e

flierbedekking stean.

**SARAH:** Mar der stean ek fuotprinten. (*wiist*) Dêr!

**JOE:** Dy bin fan my! Ik ha doch bûten west?

**BEN:** Stel dat er oerskuon oan hie en dy bûten stean litten hat?

**JOE:** Welke ynbrekker hat no oerskuon oan? Der is gjinien binnen west. Sis mar dat alles ynoarder is. Se hoege net ien te stjoeren. Ik sjoch noch even bûten. (*hy giet it terras wer op*)

**BEN:** (*yn de hoarn*) Hallo? Der is gjinien binnen west... Alles is ynoarder. Jim hoege net ien te stjoeren. Us heit sjocht noch even bûten... Tanke. Dat sill' we dwaan. (*hy hinget op*) Doch dyn badjas ticht.

**JOE:** (*komt er wer yn*) Der hat wol ien west. Dit fûn ik bûten. (*hy hâldt in bril mei in izeren montuer omheech*)

**BEN:** In bril!

**SARAH:** Sjoch, heit, in bril!

**JOE:** Wie ik net deselde dy 't 'm fûn hat? Ik sjoch ek wol dat 't in bril is. En deselde dy 't 'm falle litten hat komt net fier. 't Binne komplete jampot glêzen... Ik kin er gjin stek troch sjen.

**SARAH:** In heal bline ynbrekker. Myn God, ik krije er de senuwen fan. (*se huveret*)

**JOE:** 'k Sil net wer oer 't idel brûken fan God 's namme as de badjas begjinne... 't Soe my neat ferwûnderje at er beide fuotten brutsen hat. Der bin gjin fuotprinten de trep del, dus hy moat oer 't muorke spongen wêze.

**BEN:** Oer 't muorke? Tsien meter nei ûnderen? Dan hat er beide fuotten stikken.

**SARAH:** O, God, in kreukele, bline ynbrekker...

**BEN:** Wêrom belje wy de plysje net? In kreukele, bline ynbrekker sil wol op te spoaren wêze.

**JOE:** Om te beginnen is er gjin sprake fan in ynbrekker, want hy hat neat stellen. En twads, ik wol gjin plysje yn 'e hûs ha mei jim mem er by. Jim witte hoe bang 't se útfallen is.

**BEN:** Mar miskien is hy er noch. Miskien is 't wol in gefaarlike gek.

**SARAH:** Of in ferkrachter!... In seksuele ferkrachter! (*se docht de badjas, dy 't mar iepen fallen bliuwt, ticht*)

**BEN:** Alle ferkrachters bin seksueel.

**JOE:** (*sjocht har oan*) Hy hat in sicht fan noch gjin heale meter, wa soe er ferkrachtsje moatte?

**SARAH:** Hy soe op 'e taast te wurk gean kinne.

**BEN:** Net mei twa brutsen fuotten.

**SARAH:** Hy soe er krûpend en op 'e taast yn komme kinne.

**JOE:** (*skreaut*) Minsken brekke net yn at se krûpend en op 'e taast nei

binnen moatte... Hoe moatte se dan oait fuortkomme?

**SARAH:** In fanke dat froeger by my yn 'e klasse siet, is es oanfallen troch in man mei ien earm en ien foet... Se witte noch altyd net hoe 't er har op 'e grûn holden hat.

**JOE:** In hûs mei njoggentjin keamers, piperdjoere skilderijen, net te ferfangen antyk en in heal miljoen oan juwielen, en do tinkst dat er him ophâlde lit foar in ferkachting? Hy hat wol wat oars oan 'e holle.

**SARAH:** En at er no es binnen kommen wie mei de bedoeling om te ferkachtsjen?

**JOE:** Hâldt no mar es op te kletsen oer ferkachting en doch dyn badjas ticht. Ben, nim har mei nei boppen. Gean op bêd, jim allebeide.

**SARAH:** Goed, heit. Wolterêsten, heit.

**BEN:** Wolterêsten, heit.

**JOE:** Wachtsje even! Hearden jim dat?... Hark! (*we hearre in doar piipjend iepen gean, en wer ticht. Se sjogge elkoar oan*) 't Is yn 'e hûs.

**BEN:** Der is ien yn 'e hûs.

**SARAH:** O, God! De ferkachter!

**JOE:** (*flústeret*) Stil! Harkje... Fuotstappen!

**SARAH:** Se komme dizz' kant op!

**BEN:** Yn 'e hal!

**SARAH:** Jou se alles wat we ha, heit. Soargje dat se net... Do witst wol.

**JOE:** Oan 'e kant, jim allebeide. Tsjin 'e muorre!! (*se rinne alle trije achterút en drukke har sels tsjin 'e muorre*)

**BEN:** 't Ynbrekalarm docht 't net. We bin fergetten 't wer oan te setten.

**JOE:** Dêr is 't no te let foar.

**BEN:** Ik kin se belje. Wat is 't nûmer?

**JOE:** Hoe moat ik 't nûmer no witte?

**BEN:** Sil ik earst ynformaasje belje?

**JOE:** Gean daliks wer tsjin 'e muorre stean.

**SARAH:** O, God, ik fiel syn hanner al oer my hinne gean. Syn klamme hanner dy 't op en del strike, op en del...

**JOE:** Gjinien giet mei dy op en del. Hâldt dêr mei op! Pak wat! (*se pakke alle trije in faas*) Op 't momint dat 'k 'm reitsje, moatte jim de plysje belje. Achterút... Dêr komt er... Doch dy badjas ticht! (*se gean allegear achter de doar stean, heffe de fazen boppe de holle, klear om ta te slaan... dan giet de telefoan. Se draaie har alle trije om en sjogge nei it tastel*) No? De telefoan giet no?

**BEN:** In telefoan mei gefoel foar timing.

**JOE:** Nim op! Nim op! (*Ben draaft er op teannen hinne en nimt op,*

*noch altyd mei sachte stim)*

**BEN:** Hallo?... Ja?... Ja, mei 't hûs fan de famylje Benjamin...

**JOE:** Wa is dat?

**BEN:** (*hân oer de hoarn, tsjin Joe*) 't Is in frou. Se freget nei Sidney.

**JOE:** Welke Sidney? (*hy hat de faas noch hieltyd boppe de holle*)

**BEN:** (*yn de hoarn*) Welke Sidney bedoele jo? (*hy knikt. Dan tsjin Joe*)  
Sidney Lipton.

**JOE:** We ha hjir gjin Sidney Lipton. Se hat 't ferkearde nûmer.

**BEN:** (*yn de hoarn*) We ha hjir gjin Sidney Lipton. Jo ha 't ferkearde  
nûmer, mefrou.

**SARAH:** Hingje op! Hâldt op fan praten foardat de ferkrachter fuort is.

**BEN:** (*yn de hoarn*) Ien momint. (*tsjin Joe*) Se seit dat se mefrou Lipton  
is. Har man hie hjir jûn in ôfspraak... mei dy. (*Joe skoddet mei de  
holle fan nee en hellet de skouders op. Ben, wer yn de hoarn*) Us  
heit wit fan neat... Hark es, mefrou Lipton, jo belje nochal  
ûngelegen... Wy ferwachtsje ien... Ja, dat sil 'k dwaan... Tanke. (*hy  
hinget omsichtich op, giet dan hastich werom nei syn plak tsjin de  
muorre. Hy seit neat. Joe stoarret him oan*)

**JOE:** Wat moatst dwaan...?

**BEN:** Tsjin Sidney sizze dat syn frou belle hat.

**SARAH:** Dêr komt er oan! (*se sjogge alle trije nei de doar fan de foyer.  
Mar it is de doar fan de ytkeamer dy 't iepen giet, stadich,  
kreakjend... en in frou komt foar 't ljoch. It is Rose Benjamin. Se is  
ergens foar yn 'e fyftich. Se hat in siden moarnsjas oan, satin  
toffels, en rint hast krom fan de sieraden wêr mei 't se har toaid hat...  
pearels, ringen, earbellen, earmannen. Se rint stadich de keamer  
yn, hat earst noch neat yn 'e gaten. Dan draait se har om en sjocht  
it trijetal dat tsjin de muorre stiet mei de 'wapens' yn 'e loft. Se sjocht  
harren flak oan*)

**ROSE:** (*kalm*) Is er wat mis?

**JOE:** (*ûnskuldig*) Mis? Wat soe er mis wêze kinne?

**ROSE:** Wat?

**JOE:** Ik sei: "Wat soe er mis wêze kinne?"

**ROSE:** Ik kin dy net ferstean. Ik ha myn eardopkes yn.

**JOE:** Doch se dan út!

**ROSE:** Ik kin dy net ferstean. Ik ha myn eardopkes yn.

**JOE:** (*skreaut*) DER IS NEAT OAN 'E HÂN!

**ROSE:** David is noch net thús. Ik ha er in hekel oan at er sa let thús  
komt. Sis tsjin him dat ik moarnier mei him prate wol, Joe. Goed?

**JOE:** Ja, Rose. Ik sil 't sizze.

**ROSE:** Ik kin dy net ferstean. Ik ha myn eardopkes yn.

**JOE:** IK SIL 'T HIM SIZZE!

**ROSE:** Meitsje dy mar net drok. Sis it him mar! Ik gean op bêd.  
Wolterêsten, Joe. Wolterêsten, jonges.

**SARAH en BEN:** Wolterêsten, mem.

**ROSE:** Jim kin op syn minst wolterêsten sizze... (se draait har om en giet ôf)

**JOE:** (ferromme) Ahhh.

**SARAH en BEN:** Ahhh!

**JOE:** Ik freegje my ôf oft dat David wie.

**BEN:** (ferbaasd) Nee, heit. Dat wie mem.

**JOE:** (lûkt oan de winkbrauwen) Nee, net sa krekt. Dêrfoar. Miskien kaam er wer let thús, stomdronken sa as gewoanlik, wie syn kaai kwyt en besocht er yn te kommen troch de iepenslaande doar.

**BEN:** Dat soe hiel goed kinne. Krekt wat foar David.

**JOE:** Goed. Litte wy op bêd gean. Sa is 't wol wer moai foar fannacht. Ik sil 't alarm wer oan sette.

**SARAH:** (wylst se ôf giet) Ik tink dat 'k gjin each ticht doch. 'k Sjoch hieltyd mar in inge man foar my dy 't mei syn klamme hannen oer myn lichem giet, op en del, op en del...

**JOE:** Gjinien giet mei dy op en del. (hy docht de lampen út en alle trije gean se ôf. De keamer is leech en tsjuster, ôfsjoen fan it moanneljocht dat troch de ruten nei binnen falt. Ynienen ferskynt er in man op it terras. Hy hat in reinjas aan en in feestmûtse op. Hy swaait wat dronken hinne en wer. Hy komt er yn troch de iepenslaande doar en it alarm begjint wer te loeien. Hy docht it ljocht oan, rint dan nei de oare kant wylst er de jas út docht. Hy hat in smoking jaske (kolbert) aan dat 't er djoer útsjocht, in siden oerhimd, in swarte strik en yn kontrast mei dit alles in smoarge, skuorde spikerbroek, mei bûnt kleurde lapen oer de slimste gatten. It gehiel wurdt kompletearre troch ôfdroegen sportskuon. Joe komt de keamer wer yn fleanen, mar hy sjocht David net. Hy goait him op it knopke en set it alarm ôf. Wylst er 'm omdraait, seit David him goeie en Joe jout in skreau fan skrik)

**DAVID:** Ha, heit!

**JOE:** O! (dan, ferromme) David... dus do wiest 't wol. God tank! (dan jout er him in klap op 't skouder) Smoarge, dronken fodde, datst bist! Do luie, ferfelende, dronken krobbe!

**DAVID:** O, gelokkich. Ik skrok al. Ik tocht al dat 'k yn 't ferkearde hûs telâne kommen wie.

**BEN:** (achter) Wa is dêr, heit?

**JOE:** 't Is David, it drankoargel. (Sarah en Ben komme op)

**SARAH:** David!

**BEN:** 't Is David.

**DAVID:** Hoi, jonges. Hjir is jim David wer.

**JOE:** Wolst ús allegear fan skrik in hertoanfal besoargje?

**DAVID:** In trijefâldige hertoanfal? Dat kin net, heit. (*hy swaait lichtelik hinne en wer*)

**JOE:** Sjoch him no es! Kin net iens rjochtop stean. Gelokkich kin jim mem dy sa net sjen, se hat eardopkes yn.

**DAVID:** Sûnt wannear beynfloedzje eardopkes it gesichtsfermogen, heit?

**JOE:** Hâldt dyn grutte mûle... Ik miende dat er in ynbrekker yn 'e hûs wie. Dyn broer tocht dat er in gek ûntsnapt wie en dyn suster makke har al klear op 'e komst fan in ferkrachter.

**DAVID:** Nim my net kwea ôf, Sarah. Hoe let ferwachtest 'm?

**JOE:** Gean nei dyn keamer! Hearst my? Atst dy teminsten werom fine kinst yn dyn tastân?

**DAVID:** Wêrom soe myn keamer yn myn tastân wêze?

**JOE:** Bring him fuort! Bring him fuort foar 't ik 'm fuort skop!

**BEN:** Even kalm oan, David. Heit is bot fan streek. (*David giet op 'e râne fan de plaat foar de iepen hurd sitten*)

**SARAH:** Gean mar op bêd David,

**JOE:** Oan dy soene wy no echt wat ha at er werklik in ynbrekker west wie.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**